



2020 / Z280749-2020

## AMENDEMINT

Art. 48 RfO

Agindapunt: (Ontwerp-Agenda voor het Waddengebied 2050)

Underwerp: **Winsken en betinkingen (Fiskerij)**

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op tongersdei 24 septimber 2020 beslút de folgjende winsken en betinkingen kenber te meitsjen oer de ûntwerp-Aginda foar it Waadgebiet 2050:

- De garnalefiskerij net fuort en daliks beheine troch it ferbieden fan it fiskjen oer waadplaten, mar yn it foarste plak mei de fiskers yn oerlis te gean en mei-inoar ta in oplossing te kommen. De klam leit no te folle op registrearjen, monitoaren (track- trace) en ferbieden.

Taljochting:

- Yn de aginda stiet (side 63) de effekten fan boaiemeroering en byfangst ta it minimum te beheinen.
- De fiskerij yn it Waad is in wichtige sektor.
- De fiskerij is ynbêde yn ús mienskip en fertsjintwurdiget net allinnich in ekonomyske wearde, mar ek in maatskiplike en kultuerwearde.
- De fiskers binne de natuerlike hoeders, eagen en earen fan dit unike stikje wrâlderfguod.
- De fiskers sette harren yn foar it opromjen fan swalkôffal yn it Waadgebiet.
- De gemeente Noardeast-Fryslân wol oanslutend op de skriftlike fragen fan in oantal moannen ferlyn nochris uterje dat se efter de beropsgarnalefiskers stiet.

Yntsjinne troch: B. Koonstra (FNP), VVD, GBNF

<b>Stimming</b>	Foar: FNP, VVD, GBNF, S!N, CDA, CU, GROEN nof, PvdA en ALL = 24	Tsjin: ELP = 1
Amendement oannommen		



Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 24-9-2020

De ried niisneamd,  
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer